

As God wat docht

Ik stean allinnich, want Jo setten ôf.
Myn God, myn God, wêrom?
Jo binn' myn rêding, mar net hjir en no.
Wêr binne Jo? Witwêr, mar net by my.
Ik rop Jo nei, myn God,
jo namme wurdt in dreun.
Jo sizze neat. Jo kenne my net mear.
Dochs, inkeld Jo binn' God, fan 't kweade frjemd.
Mei rjocht hat Israel Jo heech.
Syn lofliet is jo hillichdom.
Us heit fertroude Jo, Jo holpen him, fertelde hy.
En ek ús pake kaam te plak doe't er Jo rôp.
Foar har ha Jo betrouber west.

Mar ik bin neat en kin ek neat mear dwaan.
Ik rin by elk foar spot.
Elk dy't my neisjocht, hat de gek mei my,
skoddet de kop en seit: "Dat komt ferkeard.
Hy siket it by God, lit dy him rêding jaan.
As God wat docht, as Hy noch fan him hâldt".
Dochs ha Jo my út memme skurte heind,
en feilich oan har boarst my lein.
Ik wie der en ik wie fan Jo.
Us mem, sy hat my oan Jo tabetroud. Jo binn' myn God.
Dat bliuw net langer wei. Myn God, ik bin sa bang.
En nimmen helpt my. Help my dan!

In binde bollen bringt my yn it nau.
Sy binn' te machtich en te mânsk.
In oermacht dy't my net gewurde lit,
har bek wiid tsjin my opskuord as in liuw,
in liuw, dy't âlet, ree om ta te slaan,
foardat hy springt, foar't hy syn proai ferslynt. .
Ik bin fergriemd as wetter op 'e grûn,
in lichem, hielendal ûntset,
in hert dat raant as waaks. Net mear. Net mear.
Myn kiel is as in diggel, droech en wreed.
De tonge plakt my oan 't ferwulft.
Myn God, Jo lizze my yn 't stof.

In goddeleaze binde jeit my op.
As hûnen slute se my yn.
Ik hingje, bin har proai. Sy rûke bloed.
Oan hannen en oan fuotten sit ik fêst.
Myn dagen binne teld. Sy sjogge 't ek.
Sy ha myn klean al mei-inoar ferdiel.

En Jo, HEAR, bliuwe salang safier wei.
Jo binn' myn krêft. Rêd my, kom gau.
Ien libben haw ik mar. Dat help my dochts.
Oars sil ik stjerre oan it grou geweld
fan al dy wylde bisten. Help!

Jo ha myn roppen heard:
Myn God, myn God, Hy joech my antwurd.

En dus, wannear't ik wer fan Jo fertel.
neam ik Jo trou en goed.
Myn broers en susters, Jakob, Israel,
toan djip ûntsach foar God en jou Him ear,
want God swijt nimmen dea.
God is net blyn, net dôf.
Hy heart myn stim, jout antwurd as ik rop.
Myn HEAR, wannear't ik yn 'e timpel bin,
dan kom ik myn beloften nei.
Jo dogge, dienen, hawwe dien
en dus skriuw ik in psalm. Wa't honger hie, hat no genôch.
Wa't siket, fynt. Wa't ropt om God, sjongt oait in liet.
Ik winskje dy in soad gelok.

Lit alle minsken hearre wat ik sis:
"Gean no nei God werom.
Fal foar de Kening op 'e knibbels del.
Want God is Hear en sines is de wrâld".
De HEAR jout aanst in feest
en dan komt elkenien.
Elkenien bûcht en knibbelt foar de Hear.
Dit jildt foar elkenien, foar earm en ryk,
dy't ûnderweis is nei de dea –
sy jouwe alle ear oan God.
Har bern ferearje Him en sy fertelle alles troch,
dat elkenien wit wa't God is en wat Hy die.
Sy sjonge: "God hat it folbrocht".

tekst Liesbeth Goedbloed, Psalm 22 – 'Ik sta alleen, want u bent weggegaan'
oersetting David de Jong
meldij Roeland Smith